

**Van:** Brok, AAM  
**Verzonden:** dinsdag 3 juli 2018 15:29  
**Aan:** Persoonlijk medewerker CdK Brok  
**CC:** Poepjes, Sietske; [redacted]  
**Onderwerp:** Re: Malta - ôfslutende mail

Tank! Tige Tank!

Verstuurd vanaf mijn iPad

Op 2 jul. 2018 om 09:12 heeft Persoonlijk medewerker CdK Brok <[redacted]@fryslan.frl> het volgende geschreven:

**Van:** [redacted]@minbzk.nl  
**Verzonden:** zondag 1 juli 2018 13:57  
**Aan:** Persoonlijk medewerker CdK Brok <[redacted]@fryslan.frl>  
**Onderwerp:** Malta - ôfslutende mail

Bêste Arno,

Alderearst, do en Sietske fan herten lokwinske mei it berjocht dat Owen Bonnici yn de kommende wiken nei Ljouwert ta komt. It falt wol op dat de Ljouwerter twa dagen earder wie mei dat berjocht as The Times of Malta. Ek ynhâldlik binne der tusken Malta en Fryslân noch wol wat ferskillen te sljochtsjen. Mar dat hiene jim grif ek al sjoen. En oars stjoer ik jim foar de wissichheid de link:

<https://www.timesofmalta.com/articles/view/20180629/local/minister-to-visit-to-sister-capital-of-culture-in-coming-weeks-in-bid.683081>

Tiisdei hie ik al skreaun dat Marlene Bonnici, de hjoeddeiske Permanint Fertsjintwurdiger fan Malta by de EU, neamd wurdt as de nije ambassadeur yn Den Haach. Yn de media haw ik dêr noch gjin befestiging fan fine kinnen, mar yn Brussel wurdt grute: "Yes most probably she will be next". Har termyn yn Brussel rint yn july ôf. Underwilens is de namme fan har opfolger publyk bekend makke: Daniel Azzopardi. Of sa't The Times of Malta op 20 juny skreau:

*The Parliamentary Public Appointments Committee has approved the nomination of Daniel Azzopardi to serve as Malta's permanent representative to the EU once the term of incumbent Marlene Bonnici expires. Mr Azzopardi is the current CEO of the Energy and Water Agency. The Opposition voted against his nomination.*

<https://www.timesofmalta.com/articles/view/20180620/local/malta-has-compelling-case-to-retain-its-level-of-eu-funding.682366>

Fierders falt op dat yn de Fryske media de funksje fan Owen Bonnici konsekwint omskreaun wurdt as: Minister fan Kultuer. Dat is op himsels wier. Mar sa mooglik noch wichtiger is, dat Bonnici mear is: hy is Minister fan Justysje, Kultuer en Lokaal bestjoer. Fral dat earste, Justysje, is yn dizze kontekst net hielendal sûnder belang.

Ik kin net oersjen oft it ferstannich is as jim Owen Bonnici tenei oantsjutte as Minister fan Justysje en Kultuer, ynstee fan sljochtweihinne Kultuer. Mar op himsels betsjut dit wol, dat Bonnici alle moannen syn kollega's fan Justysje treft yn de saneamde JBZ-ried (Justice and Home Affairs Council) fan de EU. En dus ek dy fan Nederlân. Fierders is it wenst, dat de Permanint Fertsjintwurdiger fan in EU-lân syn minister fan Justysje begeliedt nei de JBZ-ried. Dat, de beide Bonnici's treffe inoar alle moannen wol in kear.

Dit wie – nei in wike Brussel – wer myn lêste mail oer Malta, ûnder it motto: trije kear is skipppersrjocht.

In protte súkses tawinske mei dit dossier.

Mei freonlike groetnis,

[redacted]

Dit bericht kan informatie bevatten die niet voor u is bestemd. Indien u niet de geadresseerde bent of dit bericht abusievelijk aan u is toegezonden, wordt u verzocht dat aan de afzender te melden en het bericht te verwijderen. De Staat aanvaardt geen aansprakelijkheid voor schade, van welke aard ook, die verband houdt met risico's verbonden aan het elektronisch verzenden van berichten.

This message may contain information that is not intended for you. If you are not the addressee or if this message was sent to you by mistake, you are requested to inform the sender and delete the message. The State accepts no liability for damage of any kind resulting from the risks inherent in the electronic transmission of messages.

## Toelichting grondslagen

In dit document kunt u secties vinden die onleesbaar zijn gemaakt. Deze informatie is achterwege gelaten op basis van de Wet open overheid (Woo). De letter die hierbij is vermeld correspondeert met de bijbehorende grondslag in onderstaand overzicht.

### **J** Art. 5.1 lid 2 sub e

Het belang van de openbaarmaking van deze informatie weegt niet op tegen het belang van de eerbiediging van de persoonlijke levenssfeer van betrokkenen